

In koarte beskriuwing fan de dialekten fan Hylpen en Molkwar



Johannes Beers
s0632813

Dialektology
LHFoo8B05

Foaropwurd

De dialekten fan Hylpen en Molkwar hawwe foar guon minsken altyd tige nijsgjirrich west. De beide taalfariëteiten hawwe in reputaasje fan oarspronklik Frysk. It Molkwarder dialekt is útstoarn en it Hylpersk wurdt yn syn bestean bedrige.

Fanwegen dizze reputaasje bin ik benijd nei de beide dialekten. It útgongspunt foar dit stik is dan ek de fraach wat it Hylpersk ta in dialekt fan it Frysk makket. Oars sein, wêr wykt it ôf fan en komt it oerien mei it Frysk? Wat binne dan dy Aldfryske relikten? Ik bin net fan doel en jou in útputtende opsomming fan alle skaaimerken fan beide dialekten. Wol sil ik besykje foar ien dy't neat fan de fariëteiten wit, in oersjoch te meitsjen dat de wichtichste saken op in rychje set: skiednis en literatuer en fansels in beskriuwing fan fonologyske, morfologyske en oare skaaimerken, ôfset tsjin it Frysk.

Spitigernôch bin ik der yn de rin fan it skriuwen fan dit stik efter kommen dat der eins net in soad ûndersyk dien is nei it Hylpersk en Molkwardersk, alteast, net resint. Fan nei de oarloch haw ik net mear as trije boarnen fine kinnen, dy't dan ek tige wichtich west hawwe foar dit stik: in proefskrift fan B. de Boer fan 1950, it Hylper Wurdboek fan 1981 en in ûndersyk nei de hjoeddeistige sitewaasje fan it Hylpersk, dien fan in groep studinten fan de UvA yn 2002.

Om't der mar sa'n bytsje boarnen binne en ek noch net al te resint, haw ik besluten om ek noch in stúdzje nei it Hylpersk fan foar de oarloch te brûken, in oersjoch skreaun fan T. van der Kooy yn 1937.

It sil net in ferrassing wêze dat ik fyn dat it heech tiid wurdt foar in nije stúdzje nei it Hylpersk.

Ynlieding

Oars as oer it generaal it gefal is mei dialekten, is it plak dêr't Hylpersk sprutsen wurdt, skerp ôf te tekenjen: it is beheind ta de boargerlike gemeente dy't Hylpen yn 't ferline wie. In echt stêdsdialekt, mar net op de wize sa't yn oare stêden yn Fryslân it Stêdsfrysk ûntstien is, fan út in Hollânsk dialekt mei Frysk substraat. It Hylpersk is in fariëteit fan it (Westerlauwersk) Frysk, in fariëteit sels dêr't noch restanten fan it Aldfrysk yn werom te fine wêze soene. Dêrmei hawwe de beide taalfariëteiten yn de santjinde en achttjinde ieu de reputaasje opboud ûnder taalwittenskippers dat yn de beide plakjes in oarspronklik soarte fan Frysk sprutsen waard.

In ferklearring foar it feit dat de beide dialekten ûntstean koene, wurdt socht yn it feit dat men yn Hylpen (en Molkwar) sa rjochte wie op de skipfeart, dat men it kontakt mei it Fryske efterlân - en dêrmei mei de ûntjouwings yn 'e Fryske taal - ferlern hat¹. As dat sa is, dan soene yn it Hylpersk noch restanten fan it lettere midsieuske Frysk fan 'e Súdwesthoeke werom te finen wêze moatte.

Opfallend is dat him yn Starum, net fier fan Hylpen en Molkwar, in oare ûntjowwing foardien hat. Starum wie likemin bot op it Fryske efterlân rjochte, en hat in Stêdsfrysk ûntwikkele, dat basearre is op it Hollânsk. Dat sil fansels te krijen hawwe mei it Hollânske bestjoer, dêr't Starum yn de Midsieuwen in skoft ûnder foel.

De âldste spoaren fan Hylper dialekt binne te finen yn twa Woarkumer oarkonden út de lette Midsieuwen dêr't it wurd *fonna* (greiden) yn te lêzen is. Mear komplette teksten binne der net earder as yn de santjinde ieu mei de *Hynlepre Seemans-almenak* (1678) en yn de achttjinde ieu mei *En hienleppre Saaiing*, in gedicht makke by it 50-jierrich amtsjubileum fan dûmny Goltzius fan Woarkum yn 1720.

Oare wichtige teksten binne in oersetting fan it *Us Heit* yn it Molkwarder en it Hylper dialekt (J. Chamberlayne, 1715), in kaart fan Molkwar, makke troch Johannes Hilarides, mei in tal dialektwurden (1718), en in oersetting fan it sechste haadstik fan it evangelië fan Mattheus (bruorren Braunius, 1745).

Sa as hjirboppe al sein, in protte minsken hawwe oandacht bestege oan de bestudearring fan de beide dialekten. Sa soe Franciscus Junius ynteresse toand hawwe yn it Hylpersk en Molkwardersk, koart foar't er by Gysbert Japicx telâne kaam om it Frysk te bestudearjen. S. Gorter hat yn 1856 op fersyk fan baron Coquebert in oersetting nei it Molkwarderske dialekt makke fan *De Gelykenisse van den verleezen Zoon*.

J.H. Halbertsma hat de dialekten yn de njoggentjinde ieu ek bestudearre. By Tresoar lizze syn oantekenings, dêrûnder in *Molkwerumse woordenlijst* (gearstald troch E. Heeroma) en in Molkwarder liet, *Ien Molkorrer Sang*.

Hylpersk: den verleezen zoon

11. En hy see: immen hee twa soanen.
12. De jûngste fan jerm see tjian syn fear: Fear, jou my it deal fan ús fermoagen, dot my tókómt. En hy ferdealde it besit ûnder jerm.
13. En naat fúle dêgen letter makke de jûngste soan alles tó jèald en geeng op reis nei in fier laand, wur't er syn fermoagen fergreemde yn in libben fan oerdaed.
14. Dê't hy der alles tróchbrôt hee, kôm der in swieren hûngersnoad oer dot laand en hy begôn gebrek te liien.
15. En hy geeng der op út en twaing him op oen een fan 'e burgers fan dot laand en dy stierde him it fêald yn óm syn bargaen te hoedjen.

<http://www.meertens.knaw.nl/>

Frysk: de ferlerne soan

11. En hy sei: In man earne hie twa soannen.
12. En de jongste sei tsjin syn heit: Heit jow my it diel fen it goed, dat my takomt. En hy dielde hjarren it goed.
13. En net folle dagen dêrnei makke de jongste soan alles oan jild en teach foart nei in fier lân en dêr brocht er al syn goed yn in weelderich libben der troch.
14. En do't er alles fordien hie, kaem der in swiere hongersneed yn dat lân, en hy begoun it krap to krijen.
15. Do gyng er hinne en slagge oan wirk by ien fen de boargers fen dat lân, en dy stjûrde him nei syn lân om de bargaen to weidzjen.

It Nije Testamint – dr. G.A. Wumkes,
Amsterdam, 1933

¹ Op Wikipedia is in oare - tsjinstriedige - ferklearring te finen: *Hylpen soe ieuwenlang mear kontakten hân ha mei de Hollânske kuststêden oare kant de Sudersee. Sadwaande soe it Hylpersk in gruttere ynfloed fan 'e Hollânske dialekten ûndergien hawwe as de oare Fryske dialekten. Benammen it Amsterdamsk soe troch de ieuwen hinne in grutte ynfloed op it Hylpersk útoefene ha.*

De Fryske dialektsitewaasje

De yndieling yn dialekten sa't Jan Jelles Hof dy makke hat yn 1933, wurdt ek hjoed-de-dei noch as in krekte yndieling sjoen.

Hof gie út fan trije haaddialekten, it Klaaifrysk, it Wâldfrysk en it Súdwesthoeksk. Rûchwei kin sein wurde dat it Klaaifrysk brûkt wurdt yn 'e noardwesthoeke fan de provinsje en dat fan Woarkum, fia Snits, Grou en Ljouwert nei Dokkum ta. It Klaaifrysk wurdt sprutsen yn it easten fan Fryslân besuden Dokkum en eastlik fan de line Ljouwert en it Hearrenfean. Westlik fan it Hearrenfean, súdlik fan Snits wurdt it Súdwesthoeksk praat.

Opfallend hjirby is dat de dialekten net in soad fan inoar ôfwike en dat sprekkers fan de ferskillende dialekten inoar mei gemak ferstean kinne. Alle trije de Westfryske dialekten brûke deselde klanken. It grutte ferskil yn de haaddialekten is dat yn it Súdwesthoeksk gjin brekking foarkomt.

Op de eilannen fynt men ek noch Fryske dialekten: op Skiermuontseach en op Skylge (Westersk en Aastersk). Dêrneist binne op de fêstewâl noch dialekten dy't oer it generaal as Hollânsk mei Frysk substraat yndield wurde: it Bildtsk en it Stêdsfrysk (yn de stêden Ljouwert, Snits, Harns, Frensjer, Dokkum en Starum), dêr't it Kollumerlânsk ek in soad fan hat, al is Kollum net in stêd en wurdt it Kollumerlânsk gauris as in apart dialekt oanjûn.

Binnen de provinsjegrinzen - mar bûten it Fryske taalgebiet - lizze de Stellingwerven, besuden de Tjonger, dêr't in fariant fan it Nedersaksysk praat wurdt.

Ta de Fryske (sub)dialekten heart ek it Hylpersk: in dialekt fan Fryske (en net Hollânske) orizjine, dat om dizze reden *net* ta it Stêdsfrysk rekkene wurdt.

Sa ûntstiet de folgjende yndieling:

Fr. haaddialekten	Fr. subdialekten	Holl. dialekten	Nedersaksysk
Klaaifrysk	Noardeasthoeksk Westersk Aastersk Skiermuontseagersk	Bildtsk Stêdsfrysk	
Wâldfrysk		Kollumerlânsk	
Súdwesthoeksk	Hylpersk		Stallingwarfs

It is wol aardich om even nei it Stêdsfrysk te sjen, om't men ferwachtsje kin dat it Hylpersk in stêdsdialekt is, lykas bygelyks it Ljouwertersk, Boalsertersk en Snitersk. Om twa redenen soe ik it Hylpersk net ta de Fryske stêdsdialekten rekkenje wolle.

Yn it foarste plak is it Stêdsfrysk yn de 16e ieu ûntstien doe't yn de Fryske stêden mear en mear Hollânsk praat waard (Van Bree & Versloot, 2008). Fryske ynfloed op dit Hollânsk soe benammen lizze op it mêd fan syntaksis (foarkar foar 'Fryske' griene tiidwurdfolchoarder en 'Fryske sirkumposysje: 'by de sleat lâns' ynstee fan 'langs de sloot') en de foarming fan ferlytsingswurden.

De Hollânske basis fan it Stêdsfrysk lit him benammen sjen yn leksikale ferskillen mei it Frysk. Van Bree & Versloot jouwe foarbylden fan wurden dy't yn it Hollânsk en Frysk net gelyk binne (in soad wurden binne dat ommers wol) en litte dan sjen dat de Stêdsfryske foarm oer it generaal oerienkomt mei de Hollânske foarm. As men sa'n list nimt en dêr de Hylperske foarm by set, dan sjocht men al gau dat de grutte leksikale ferskillen tusken Frysk en Stêdsfrysk him net foardogge tusken Frysk en Hylpersk:

Hollânsk	Stêdsfrysk	Frysk	Hylpersk
geven	geve	jaan	jôn
kind	kyn	bern	born
lopen	lope	rinne	ronne
moeder	moeke	mem	mem
nat	nat	wiet	weet
tand	tan(d)	tosk	tosk
zwellen	swelle	tine	tyne
vleugel	fleugel	wjuk	wiuwke

Al moat sein wurde dat dy ferskillen der wol binne.

Hollânsk	Stêdsfrysk	Frysk	Hylpersk
duwen	douwe	triuwe	doewe
mond	mond	mûle	mûnd

It is fansels in konklúzje dy't bassearre is op in earste yndruk, mar sjoen it ûntbrekken fan neier ûndersyk, dat de ûntjouwing dy't laat hat ta it Stêdsfrysk fan Ljouwert, Snits en oare plakken, him yn Hylpen net foardien hat.

Skaaimerken fan it Hylpersk

Yn it beskriuwen fan de skaaimerken fan it Hylpersk en it Molkwardersk, sil ik oer it generaal in ferliking mei it Frysk meitsje. Fansels binne der in soad dialektyske fariëteiten yn it Frysk, mar foar de lêsberens wol ik it dochs oer 'it Frysk' hawwe en sil ik allinnich sa no en dan in ûnderskied nei bygelyks it Súdwesthoeksk, Klaaifrysk of Wâldfrysk meitsje.

Der is gjin formele Hylper stavering. Dat makket ek dat yn de ferskillende publikaasjes wurden op ferskillende wize stavere wurde. Yn de útlis fan De Boer (1950) wurdt in oare wize fan staverjen folge as yn it Hylper Wurdboek, dat ik foar it staverjen fan Hylper wurden folgje. In werjefte mei IPA-tekens wurket ek net: De Boer en Blom brûke it IPA-alfabet ferskillend. Hjir en dêr jou ik dêrom de ferskillende skriuwwizen wer.

Fonologyske skaaimerken

1. koarte fokalen

Yn it Hylpersk wurde deselde koarte lûden brûkt as yn it Frysk: a, ø, o, ɔ, ε, ə, ɪ, y en u. Lykas yn it Swh. fynt men yn it Hylpersk noch de fokaal œ, bygelyks yn wurden as *in knòrre* (De Boer: *en knærø*, Frysk: in soad) en *rôt* (De Boer: *ræt*, Frysk: *rôt*).

2. lange fokalen

Hjir jildt ek dat de Fryske lange lûden yn it Hylpersk oanfolle wurde mei de œ:, as yn *töre* (De Boer: *tæ:re*, Frysk: *tuorre*).

3. diphtongs

De Fryske diphtongs io, yə, uə, ɪə, øə, en oə wurde ek yn it Hylpersk brûkt, mar de ui (Wfr) en a:i (Klfr) net. Dêrneist hat it Hylpersk de klanken ɔ:i as yn *môi* (moai), a:u as yn *paau* (pau), i:u as yn *fiuw* (fiif) en œu as yn *möukje* (miauwe).

4. bylûden

In opfallend ferskil mei de Fryske bylûden (dy't fierder allegear yn it Hylpersk foarkomme), binne de palatale bylûden t, j, n en l². Dizze bylûden kinne yn it Hylpersk ûnder ynfloed fan foargeande lûden op twa wizen útsprutsen wurde. Dit leveret yn sokssoarte gefallen ek noch ferskil yn betsjutting op. It bêste foarbyld dêrfoar is *naat* (net) en *naet* (nacht)³.

5. brekking

Op plakken dêr't yn it Klfr en Wfr brekking plakfynt - bygelyks oə nei ua - is dat net it gefal yn it Hylpersk. It Hylpersk hâldt dêr de twilûd of ferkoartet it lûd, bygelyks yn *dôr* (doar) nei *dorren* (duorren).

Oare skaaimerken

1. ferlytsingswurdfoarming

De trije Fryske útgongen by ferlytsingswurden -je, -tsje en -ke wurde yn it Hylpersk ferfongen troch de útgong -(t)jen nei alle haadwurden, útsein nei in- m. Dêr is liket spraken te wêzen fan Nederlânske ynfloed: nei in wurd dat einiget op in -m (baim, beam) wurst yn it ferlytsingswurd noch in -p pleatst (*baimpjes*), ferlykber mei it Nederlânsk (boompje) en oars as yn it Frysk (beamke).

2. besitlik foarnamwurd

Der is in dúdlik ferskil yn 'e list fan besitlike foarnamwurden dy't it Hylpersk brûkt, ferlike mei it Frysk. Sawol attributyf as selsstannich, iental en meartal wurdt de foarm *jer(re)(s)* brûkt, ynstee fan *har(ren)*. Dêrneist wurdt de formele foarm *jo* (jowes) net brûkt, mar *jyn* (*jynes*).

Telwurden

Hylpersk	Frysk
<i>een</i>	<i>ien</i>
<i>twa</i>	<i>twa</i>
<i>trê</i>	<i>trije</i>
<i>fouwer</i>	<i>ffouwer</i>
<i>fiuw</i>	<i>fiif</i>
<i>seks</i>	<i>seis</i>
<i>saan</i>	<i>sân</i>
<i>acht</i>	<i>acht</i>
<i>nougen</i>	<i>njoggen</i>
<i>tên</i>	<i>tsien</i>

² Van der Veen, 2001

³ De Boer, 1950, jout hjir in ferâldere fonetyske omskriuwing: *naaot foar naat en naaet foar naet*

3. bûging fan eigenskipswurden

Oars as yn it Frysk wurde eigenskipswurden net bûgd mei in -e (in wite tosk), mar mei -en (in wyten tosk)

4. bûging tiidwurden

Lykas yn it Frysk, hat it Hylpersk tiidwurden die einigje op -e en -je. Grutte ferskillen yn bûging binne der net. De tiidwurden op -je wurde bygelyks yn 'e no-tiid bûgd as yn it Frysk: *trapje* (traapje) krijt stam + -je (*ik trapje*), stam + -est (*do trappet*) en stam +et (*hy trappet*). Likemin is der ferskil tusken Frysk en Hylpersk yn 'e doe-tiid fan tiidwurden op -e: *ronne* (rinne) stam (*ik ron*), stam + -st (*do ronst*), stam + -t (*hy ront*).

It ôfskutend mulwurd hat yn it Hylpersk, likemin as it Frysk, de prefiks *ge-*, sa't dat yn it Dútsk en Nederlânsk wol brûkt wurdt.

5. tiidwurdsfolchoarder

De Boer (1950) jout oan dat de tiidwurdsfolchoarder oan 'e ein fan in sin gelyk is oan de Fryske (of griene) folchoarder: *ik wold wol es wete waa't dat seid het*.

Hoewol't ik nearne in omskriuwing fûn haw, dêr't yn útlein wurdt wat it Hylpersk ta in Frysk (en dus net in Stêdsfrysk) dialekt makket, doar ik wol te sizzen dat it grutte tal oerienkomsten mei it Frysk dêr de reden foar binne. De oerienkomsten op leksikaal, morfologysk en syntaktysk mêd binne talriker as de ferskillen. De ferskillen dy't der binne, lizze benammen op it fonologyske mêd: guon wurden hawwe oare lûden foar Fryske wurden.

Pers. foarnamwurden

<i>Hylpersk</i>	<i>Frysk</i>
yk - my	ik -my
dû/jy/je - dy/ jy	do/dû - dy
hy - him	hy - him
jo - jer	hja/sy - har
	it - it
wy - ús	wy - ús
	jo - jo
jim(me) - jim	jimme - jimme
jê/se - jem	hja/sy - har(ren)

Skaaimerken fan it Molkwardersk

Mear noch as it Hylpersk wurdt bestudearjen fan it Molkwardersk behindere troch in gebrek oan skriftlik materiaal. No't de taal útstoarn is, is men ôfhinklik fan it bytsje dat der op papier noch fan te finen is.

Opfallend is dat yn yn it Molkwardersk yn ferskillende haadwurden de -d weilitten waard, wylst dy yn it Hylpersk en Frysk oanholden wurdt, bygelyks yn *blee* (bloed), *haa* (haad) en *hoe* (hoed).

Oer it generaal kin lykwols sein wurde dat der spraken is fan in dialektkontinuüm, dat rint fan it Súdwesthoeksk, fia Molkwardersk nei it Hylpersk. Sa binne de Fryske opgeande diphtongen net werom te finen yn it Hylpersk, mar kamen se hjir en dêr wol foar yn it Molkwardersk. Sa wie it Molkwardersk in tuskenfoarm.

Dat docht ek wol bliken út ûndersteande foarbylden fan palatisearring en assibilisearring. De wurden foar tsjerke en laitsje lizze yn it Molkwardersk en it Hylpersk ticht by inoar en ferskille fan it Frysk. Oarsom lizze it Frysk en it Molkwardersk tichter by inoar yn 'e wurden tsiis en meitsje.

Frysk	Molkwardersk	Hylpersk
tsiis	tsjiies	sees
tsjerke	sork(e)	serke
meitsje	mæitje	meikje
laitsje	lakje	lakje

Aldfryske skaaimerken fan it Hylpersk en it Molkwardersk

In nijsgjirrich aspekt fan de beide dialekten is dat der fan sein wurdt dat it nijere ûntjouwing fan it Frysk net meimakke hat en dêrtroch soene der klanken fan it Aldfrysk yn bewarre bleaun wêze.

Sawol De Boer (1950) as Miedema (1986) hawwe dêr ûndersyk nei dien.

Wat it Hylpersk oanbelanget binne der guon wurden dy't tichter by it Aldfrysk (fan 'e Súdwesthoeke), as by de Nijfryske foarm lizze, bygelyks:

Aldfrysk	Hylpersk	Frysk
bok	book	boek
haech ⁴	haach	heech
land	laand	lân
hyo	jo	sy
fynda	fynde	fine

Beide fariëteiten hawwe yn guon posysjes de *l* bewarre dêr't it Frysk dy hjoed-de-dei wei lit. Hoewol't der lytse ferskillen binne tusken de Hylper en Molkwarder wurden, giet it yn beide dialekten om it útbliuwen fan de ûntjouwing, sa't him dy't yn it Frysk wol foardien hat.

Molkw.	Hylpersk	Frysk
ald	aald	âld
ienvaldig	eenfaldich	ienfâldich
haald	haald	hâld
goold	goald	goud
scholder	skoalder	skouder

Men kin op basis fan it boppesteande konkludearje, dat stikmannich Aldfryske skaaimerken yn it Hylpersk bewarre bleaun binne, mar de reputaasje liket my grutter ta as de praktyk. Yn syn stúdzje hat De Boer hat in grut tal wurden samle, dêr't fan oanjûn wurdt oft de Aldfryske klank bewarre bleaun is, oft de Aldfryske klank bewarre bleaun is of him ta in nije klank ûntjûn hat.

It is foar dit stik te folle om alle wurden en lûden mei inoar te ferlykjen; ik sil dêrom allinnich de by De Boer neamde wurden mei Aldfryske *a* ferlykje mei de Hylperske en Nijfryske wjergaders.

Aldfryske a	Hylperske a	Nijfrysk
lappa	lap	lape
hlakkia	lakje	laitsje
achta	acht	acht
macht	macht	macht
barna	barne	baarne
fara	farre	farre
flarde	flarde	flarde
part	part	part
swara	swarre	swarre
swart	swart	swart
(be)waria	bewarje	bewarje
hals	hals	hals

Dit binne de wurden dêr't de Aldfryske *a* gelyk bleaun is yn it hjoeddeiske Hylpersk. Yn guon gefallen hat it Nijfrysk oare lûden as de *ai* yn *laitsje* of de *aa* yn *baarne*, mar likegoed is de Aldfryske *a* bewarre bleaun yn inkelde Nijfryske wurden: acht, farre, flarde, ensfh.

Hjir leit it Hylpersk tichter by it Aldfrysk, mar ek it Nijfrysk hat ldfryske lûden bewarre.

Aldfryske a	Hylperske a:	Nijfrysk
flax	flaaks	flaaks
nacht		nacht

⁴ De *e* yn dit wurd, wurdt brûkt om ferlinging fan de *a* oan te jaan.

wachtia	naa _e t ⁵	wachtsje
kamp	waa _e tsje ⁶	kamp
band	kamp ⁷	bân
brand	baand	brân
hand	braand	hân
land	haend	lân
sand	laand	sân
to gadera	saand	tegearre
warm	tegaere	waarm
ald	waerm	âld
kald	aald	kâld
wald	kaald	wâld
wrald	waald	wrâld
half	wraald	heal
	hael	

Aldfryske a **Hylperske ε** **Nijfrysk**

stapa	steppe	stappe
habba	hewwe	hawwe/hewwe
lathia	ledde	lade
wakia	wekje	wekje
jagia	jeie	jeie
klagia	kleie	kleie
hasa	hezze	hazze
nama	nemme	nimme
skamia	skemje	skamje
harkje	herkje	harkje
halia	helje	helje
kalde	kelt ⁸	kjeld
bitalia	betelje	betelje

Aldfryske a **Hylperske y⁹** **Nijfrysk**

branga	brynge	bringe
angel	yngel	ingel
thanka	tyнке	tinke

Hjir is yn de Hylperske wurden de Aldfryske *a* ferfongen troch in oar lûd, nammentlik de (lange) *a*:

Wat de Nijfryske wurden oanbelanget: hja hawwe oer it generaal ek in oar lûd krige (benammen de *â* yn *sân* en *lân*), mar yn de gefallen fan nacht, wachtsje en kamp hat no krekt it Nijfrysk en net it Hylpersk de Aldfryske (koarte) *a* bewarre.

Wêr't it Hylpersk de koarte *a* ferfongen hat troch in lange *a*, liket ek it Nijfrysk him distansearre te hawwen fan it Aldfrysk.

Op it plak dêr't it Hylpersk fan de Aldfryske *a* in *ε* foarme hat, komme op in grut tal plakken it Ald- en Nijfrysk mei inoar oerien. It Nijfrysk hat de Aldfryske *a* noch altyd yn wurden as *stappe*, *hawwe*, *lade*, *hazze*, *skamje* en *harkje*.

It Nijfrysk hat yn safolle gefallen gjin klankferoaring makke, dêr't it Hylpersk dat wol dien hat nei de *ε*, dat it Nijfrysk yn dizze gefallen tichter by it Aldfrysk leit.

Utgeande fan De Boer soene it Hylpersk en Nijfrysk hjir deselde ûntjouwing – wei fan it Aldfrysk – makke hawwe. Rekkenet men lykwols mei Aldwesterlauwerskefoarmen fan de hjir brûkte Aldeasterlauwerske foarbylden as *bringa*, *ingel* of *thinka*, dan is de klank likegoed yn it Nijfrysk bewarre bleaun as yn it Hylpersk.

Al mei al liket der gjin reden te wêzen oan te nimmen dat Aldfryske lûden it Hylpersk better bewarre bleaun binne as yn it hjoeddeistige Frysk.

⁵ By útsûndering jou ik hjir de werjefte fan De Boer (1950) wer, mei ferlinge *a*; it Hylpersk Wurdboek fan Blom jout hjir as Hylperske foarm *nacht* (naxt) wer, gelyk oan de Ald- en Nijfryske foarm.

⁶ idem

⁷ De Boer (1950) notearret hjir in *a*; neffens it Hylper Wurdboek fan Blom hat kamp lykwols in koarte *a*, gelyk oan de Ald- en Nijfryske foarm

⁸ Dit wurd komt by Blom net foar; ik folgje hjir de stavering fan De Boer.

⁹ De Boer (1950) notearret hjir in *i*; ik folgje de stavering fan it Hylper Wurdboek fan Blom.

Hjoeddeistige sitewaasje fan it Hylpersk

It is opfallend dat der nei de Twadde Wrâldoarloch mar sa'n bytsje ûndersyk dien is nei it Hylpersk. It is dêrtroch dreech om in byld te krijen fan de aktuele sitewaasje fan it Hylpersk. Yn 2002 hat in ploechje studinten fan de Universiteit van Amsterdam in lyts ûndersyk dien nei it gebrûk fan it Hylpersk. Nei alle gedachten is dit 'Projekt Hylpersk' it meast aktuele byld fan it Hylpersk dat foarhannen is.

It Projekt bestie út in enkête ûnder 70 minsken, dêr't de leeftyd fan fariearre tusken 89 en 26. Likernôch 32 minsken wiene yn Hylpen berne. Alderearst waard frege wa't it Hylpersk ferstean, prate, lêze en skriuwe koe. Dit is presintearre neist it gebrûk fan it Frysk. It Hylpersk is foar 32 minsken de earste taal is, it Frysk foar 17 en it Nederlânsk foar 16 minsken.

	Prate		Lêze	
	Hylpersk	Frysk	Hylpersk	Frysk
hielendal net	14	9	12	6
mei lijen	10	5	20	14
frij aardich	7	6	28	22
goed	3	11	4	13
hiel maklik	36	39	6	15

It ferstean giet 53 minsken (76%) maklik ôf, mar hast likefolle minsken jouwe oan it net skriuwe te kinnen. It Hylpersk blykt in taal te wêzen dêr't benammen yn praat wurdt; deryn lêze en skriuwe komt folle minder faak foar.

In soad minsken mei Hylpersk as earste taal prate dêrneist ek Frysk. Ut boppesteande tabel docht ek noch bliken dat hja oer it generaal it Frysk better behearskje (ek wat ferstean en skriuwen oanbelanget). Hylpen liket te 'ferfryskjen'.

It gebrûk fan it Hylpersk yn it deistich libben is net te ferlykjen mei hoe't dat yn it ferline wie, om't sifers dêrfoar net besteane. In útkomst fan it projekt wie dat it der foar de takomst fan it Hylpersk net bêst útsjocht, om't fan yn de 50 húshâldings mei bern yn noch mar 42% fan de gefallen noch Hylpersk mei de bern praat wurdt. Yn it iepenbier wurdt it Hylpersk ek net in protte brûkt, faker yn in winkel (46%) as by de dokter (mar ien fan de 70 respondinten).

It is moai dat de UvA studinten it ûndersyk net beheind hawwe ta wat minsken sels oanjouwe, mar ek in taalkundich ûndersyk dien hawwe. Hjirby hawwe respondinten fragen beânderje moatten op it mêd fan it leksikon, fonology en morfology.

It oanjaan fan de betsjutting fan Hylperske dialektwurden en it gebrûk derfan skoart heech. Op de diminutyffoarming en tiidwurden skoare respondinten leger en net ien wist fjouwer fan 'e seis funksjewurden korrekt oer te setten.

De studinten konkludearje dat in mearderheid fan de respondinten it Hylpersk ferstiet en praat, mar dat lêze en skriuwe dêrby efterbliuwe. Op dit stuit (2002) wurdt it Frysk better behearske as it Hylpersk, al hat men yn Hylpen oer it generaal in tige goede kennis fan it dialekt.

Der is net ûndersocht wat neist it Hylpersk en it Frysk de posysje fan it Nederlânsk is, mar ferwacht wurde kin dat it Nederlânsk likegoed as oars yn Fryslân de dominante taal is. Respondinten binne pessimistysk oer de takomst fan it Hylpersk, pessimistysker as oer de takomst fan it Frysk.

Konklúzje

De skiednis fan it Hylpersk (en it Molkwardersk) is net earder nei te gean as fan de 17e ieu ôf, doe't de earste (langere) teksten skreaun binne. Mei it grutte tal oerienkomsten yn de unike skaaimerken fan it Frysk, is dúdlik dat it Hylpersk in Frysk (sub)dialekt is. Dan giet it nder mear oer leksikale oerienkomsten, mar ek de Fryske folchoarder fan tiidwurden oan 'e ein fan in sin, ferlytsingswurden en tiidwurdsfoarmen.

Al is in bytsje Hollânske ynfloed wol oan te wizen yn bygelyks wurden as *mûnd* en it ferlytsingssuffiks *-pjen* yn byg. *baimpjen*, boppesteande saken slute út dat it Hylpersk sjoen wurde kin as in Stêdsfrysk dialekt as it Ljouwerterksk.

Wêr't it Hylpersk ôfwykt fan it Frysk, is benammen yn de lûden fan – op himsels Fryske – wurden. Grutsk is *groats* en iepenje is *epenje*. Neist de lûden is op inkelde plakken noch ôfwiking fan it Frysk te konstatarejen as yn bygelyks de ferlytsingswurden (*baimpjen*), de besitlik foarnamwurden (*jerres*) en bûging fan eigenskipswurden (*in wyten tosk*) Dat it Hylpersk gjin brekking hat, is reden om it yn in dialektkontinuum te pleatsen mei it Frysk fan de Súdwesthoeke.

Dêrby moat al sein wurde dat it wolris sa wêze kin (ik haw dat hjir net ûndersykje kinnen), dat in mearderheid fan de Hylperske wurden hielendal net in oar lûd hat as de Fryske wjergader. Tegearre mei de Fryske bûging fan tiidwurden, it foarkommen fan –je tiidwurden, mulwurden sûnder ge- prefiks en de griene tiidwurdfolchoarder oan 'e ein fan in sin, mei dúdlik wêze dat it Hylpersk tichteby it Frysk stiet en de oerienkomsten nei alle gedachten grutter binne as de ferskillen.

Yn in stikmannich Hylperske wurden binne Aldfryske lûden bewarre bleaun. Dat jildt oars ek foar guon Fryske wurden. It is dêrom net dúdlik wêrom't it Hylperks de reputaasje hat fan meast oarspronklik, orizjineel Frysk.

It Hylpersk liket bedrige te wurden troch it Frysk, dat yn 'e stêd hieltyd mear brûkt wurdt. Hoe't it Nederlânsk it Hylpersk beynfloedet of sels bedriget is ek út it ûndersyk fan de UvA studinten fan 2002 net dúdlik wurden, mar de ynfloed sil likegoed as op it Frysk ek grut wêze op it Hylpersk.

Literatuer

- Bank, P., Dijkstra, J., et al. – *Projekt Hylpersk*, UvA (2002)
- Boer, B. de - *Studie over het dialect van Hindeloopen*, Van Gorcum & Comp. NV, Assen (1950)
- Blom, G. – *Hylper Wurdboek*, Fryske Akademy, Ljouwert (1981)
- Bree, C. van, Versloot, A. – *Oorsprongen van het Stadsfries*, Fryske Akademy, Ljouwert (2008)
- Kooy, T. van der – *De taal van Hindeloopen*, Martinus Nijhoff, 's Gravenhage (1937)
- Miedema, H.T.J. - *Kenmerken van het uitgestorven Molkwerums dialect en van het Hindeloopens*, yn *Taal en Tongval* xxxviii (1986), 1-2
- Popkema, J. – *Grammatica Fries*, Het Spectrum BV, Utrecht (2006)
- Veen, K. van der - *West Frisian Dialectology and Dialects*, yn Munske, H. eo. - *Handbook of Frisian Studies*, Max Niemeyer Verlag, Tübingen (2001)